

# Leauwe yn Fryslân

programma foar  
2021-2022, 2022-2023, 2023-2024



*Ofbylding fan it skilderij 'Buorkerij mei koalsied' fan Jentsje Popma*

## Kursus 'Leauwe yn Fryslân'

Oer leauwen en teology yn de Fryske kontekst

In projekt fan Stifting Krúspunt - Frysk Oekumenysk Platfoarm

### Beskriuwing

Yn dizze kursus wurdt reflektearre op de situaasje fan tsjerke en leauwen yn de (histoaryske) kontekst fan Fryslân. Oan de hân fan de besteande teologyske fakken (histoarysk, Bibelsk, systematysk en praktysk) wurdt de kursist troch in ferkenningstocht ynwijd op it mêd fan leauwen en teology yn de Fryske kontekst. De fraach yn hoefieren de Fryske taal en kultuer in eigen plak yn tsjerke en teology hawwe, foarhinne hân hawwe en ek yn de takomst fertsjinje, foarmet it hermeneutysk ramt fan de kursus. Fragen oer relaasje tusken evangeelje en kultuer komme dus elke kear werom: taal, kultuer, skiednis, lânskip, mienskip, leauwen en spiritualiteit.

De kursus wurdt holden by Nijkleaster te Jorwert. Dat betsjut dat de kursusedagen yn in fêst ritme fan 'ora et labora' plakfine. Dêrmei hat dizze ferkenningstocht net allinnich in kognityf mar ek in persoanlik-spiritueel karakter. De kursusedagen besteane út in harkkolleezje yn de moarn en in wurkkolleezje yn de middei. De kursus wurdt oanbean yn in syklus fan trije jier. De kursist kin ien jier dielnimme of de ferkenningstocht útwreidzje. Oan it dielnimmen oan de yntroduksjemoarn binne gjin kosten ferbûn.

### Doelstelling

It doel fan de kursus is dat de dielnimmers:

- mear sicht krije op leauwe/tsjerke/teology yn de Fryske kontekst,
- ûnderfine hoe't 'it evangeelje ûnderdompele is/wurdt yn de Fryske kultuer',
- de Fryske kontekst ferdiskontearje kinne yn de konkrete wurksituaasje,
- reflektearje kinne op de betsjutting fan de Fryske kontekst foar de teology,
- yn in setting fan rêst en ferstilling reflektearje op wurk en libben.

## Kompetinsjes

De kursus draacht by oan (oernaam út it akkreditaasjekader fan de PThU):

1. Hermeneutische bekwaamheid. Het vermogen om methodisch, bereflecteerd en vernieuwend teksten, tradities, verhalen en praktijken in hun contexten en wisselwerkingen te lezen, te interpreteren, te verstaan en te vertolken en zichzelf hierbij te laten lezen, interpreteren, verstaan en vertolken.
4. Verbindende bekwaamheid. Het vermogen om in interactionele situaties verbindingen te leggen tussen cultuur en kerk, tussen traditie en dagelijks leven, tussen de plaatselijke kerk en de catholica.
6. Missionaire bekwaamheid. Het vermogen om a. te communiceren met mensen van fundamenteel verschillende achtergronden en levensbeschouwingen; b. eigen overtuigingen en geloof te verwoorden en te verkondigen in het besef van de specifieke context waarin dit gebeurt.

## Doelgroep

Foar teologen (pastoraal wurkers, dûmny's en prysters) dy't harren ferdjipje wolle yn de Fryske kontekst fan leauwen, tsjerkemienskip en teology.

## Oantal stúdzje-punten: 2 of 4 ECTS

Der wurde earst 4 stúdzjedagen oanbean. Ynklysyf de ferplichte literatuer stiet dat foar 56 oeren (2 ECTS).

Dêrnei folget de mooglikheid ta it skriuwen fan in artikel yn relaasje ta de tematyk fan de kursus. Dit proses wurdt begelaat troch de kursuslimieding troch twa ynterfyzjegearkomsten wêryn't de opset en de útwurking fan it artikel besprutsen wurde. Ek dit proses stiet foar 56 oeren/2 ECTS. It artikel (2000-3000 wurden) kin publisearre wurde op it webstee fan Krúspunt en eventueel yn in tiidskrift.

## Toetsing

De dielnimmers hawwe in oanwêzichheidsplicht en skriuwe elke kursusdei in refleksjeferslach. De dielnimmers dy't in artikel skriuwe, wurde begelaat en beoardiele troch de kursuslimieding. De kursus Leauwe yn Fryslân wurdt organisearre troch de Stifting Krúspunt. De organisaasje is yn hannen fan dr. Alex Riemersma, dr. Liuwe Westra, ds. Tytsje Hibma en ds. Hinne Wagenaar. De lêste twa fersoargje de koördinaasje fan de kursus.

## Lokaasje

De lokaasje en setting foar de kursus is Nijkleaster te Jorwert. Dat betsjut dat de stúdzjedagen tagelyk ek kleasterdagen binne. It fêste ritme fan de woansdeis is:

- 9.15 Ynrin
- 9.30 Moarnsgebed
- 10.00 Kofje/tee mei kleasterkoeke
- 10.30 Programma diel 1
- 12.00 Kleastermiel yn 'Het Wapen van Baarderadeel'
- 12.45 Kleasterkuier
- 14.15 Programma diel 2
- 15.45 Koarte ôfsluting fan de dei
- 16.00 Ofskie en fuortgean

## Kosten fan de kursus

Diel 1: Basis kursus (4 stúdzjedagen, 2 ECTS)	€ 500,00
Diel 2: Ynterfyzje en artikel (2 ECTS)	€ 150,00
Oanskaf: Hinne Wagenaar, <i>Op ús eigen wize</i> (Bornmeer 2015)	€ 22,50

## Dosinten

- Alex Riemersma is foarsitter fan de Stifting Nijkleaster en wie foarhinne lektor Frysk & Meartaligens yn Underwiis en Opfieding oan de NHL Stenden hegeskoalle
- Liuwe Westra is gastûndersiker by de Fryske Akademy en Tresoar.
- Hinne Wagenaar is pionier dûmny foar Nijkleaster en foarhinne foarsitter fan Krúspunt.
- Tytsje Hibma is dûmny yn Arum-Kimswert en praktikumdosint Oplieding Geastlike Begelieding PThU.

## Programma stúdzjedagen

De kursus wurdt oanbean yn in syklus fan trije jier. De kursist kin ién jier dielnimme of de ferkenningstocht útwreidzje.

### Jier I: yntroduksje + 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

*Yntroduksjemoarn op woansdei 22 septimber 2021*

- Ynliding op de stúdzjedagen: In ferkenningstocht op it mêd fan leauwen en teology yn de Fryske kontekst oan de hân fan de besteande teologyske fakken (histoarysk, Bibelsk, systematysk en praktysk).

- Romte foar ynbring fan de dielnimmers: Underfinings mei en fragen oer de relaasje tusken evangeelje en kultuer yn tsjerke, taal, mienskip, skiednis, lânskip, leauwen en spiritualiteit.

- Yntroduksjekolleezje: It Frysk is in sterke “taal fan it hert”: minsken uterje har spontaan yn it Frysk. De meartaligens fan Fryslân freget om besinning en belied om elk syn gerak te jaan, likegoed thús, op skoalle, yn tsjerke en yn it iepenbiere libben. De digitale tsjerketsjinst biedt nije mooglikheden en tagelyk bedrigings foar de “tsjerklike mienskip op sneintemoarn”. Foar de kontinuïteit dêrfan is in dúdlike fyzje en trochtocht belied needsaaklik. Dosint: dr. Alex Riemersma

*Dei 1. Histoaryske teology (27 oktober 2021)*

Tema: **Willibrord: Fresonum genti archiepiscopus?** Oer it libben en wurk fan de Angelsaksyske muonts en missionaris Willibrord en oer de fraach oft hy de aartsbiskop fan it Fryske folk neamd wurde kin.

Dosint: drs. Hinne Wagenaar

*Dei 2: Systematyske teology (24 novimber 2021)*

Tema: **Is skepping mooglik sûnder taal? En taal sûnder skepping?**

Creation continua en minsklike krêativiteit as kaai ta de identiteit fan minsken en groepen. Dichters ferriede hoe't Friezen tsjin elkoar en tsjin de wrâld oansjogge ûnder it ljocht fan Gods sinne. Dosint: dr. Liuwe Westra

*Dei 3: Bibelske teology (12 jannewaris 2022)*

Tema: **Oan ierdryks einen ta.** Oer de betsjutting fan Himelfeart en de wurden fan Jezus: “Jimme sille myn getugen wêze yn Jeruzalem en yn hiele

Judéa en Samaria en oan ierdryks einen ta.” Nei oanlieding fan haadstik 2 út it boek *Op ús eigen wize. Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer*. Dosint: drs. Hinne Wagenaar

*Dei 4: Praktyske teology (9 febrewaris 2022)*

Tema: **De Sneinen - It tsjerklik jier yn de Fryske kontekst.** ‘De Sneinen’ fan Aggie van der Meer befettet 52 gedichten by de sneinen fan it jier. Oan de hân fan dit foarbyld ûndersykje we de betsjutting fan de Fryske kontekst yn it tsjerklik jier. Dosint: drs. Tytsje Hibma

### Jier II: yntroduksje + 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

*Yntroduksjemoarn op woansdei 21 septimber 2022*

- Ynliding op de stúdzjedagen en romte foar ynbring fan de dielnimmers.

- Yntroduksjekolleezje: It goed funksjonearjen fan in (minderheids-)taal yn it religieuze domein wurdt mooglik mei de hillige teksten yn de taal, te begjinnen mei it Us Heit en de Psalm-gebeden. De (folsleine) Bibeloersetting fersterket de taal-religieuze identiteit en eigentiidske en Fryske lieten binne de fertolkers fan it leauwen yn de eigen taal. Dosint: dr. Alex Riemersma

*Dei 1. Histoaryske teology (26 oktober 2022)*

Tema: **Kleasters yn Fryslân.** Yn in boek mei dizze titel sammelen Hein Blommestijn en Jos Huls teksten fan pater Titus Brandsma. We ûndersykje hoe't de âlde spoaren útnûgje ta nije fitaliteit en libbenskrêft.

Dosint: drs. Tytsje Hibma

*Dei 2: Bibelske teology (23 novimber 2022)*

Tema: **God makket gjin ûnderskie.** Oer de betsjutting fan Petrus syn wurden yn Hannelingen 10: “No begryp ik pas goed, dat God gjin ûnderskie makket, mar dat Er gefallichheid hat yn elk dy't ûntsach foar Him hat en docht wat rjocht is, ta hokker folk er ek heart.” Nei oanlieding fan haadstik 7 út it boek *Op ús eigen wize. Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer*. Dosint: drs. Hinne Wagenaar

*Dei 3: Systematyske teology (11 jannewaris 2023)*

Tema: **Jesus Kristus op it krúspunt fan lannen en folken.** Hoe ûnderskiede jo de iene Hear fan oaren dy't hjir hear wêze wolle? Hoe ûnderskiede jo syn hearskippij fan jins eigen? En wêrom hat it Frysk gjin wurd foar 'zending'? Oer kristology en keet-egisaasje. Dosint: dr. Liuwe Westra

*Dei 4: Praktyske teology (8 febrewaris 2023)*

Tema: **Tsjerke en doarp.** Yn 2018 ûntstie yn de Protestantse Tsjerke de 'Dorpskerkenbeweging' as stipe foar it tsjerke-wêzen yn it doarp. Hoe krige en krijt de relaasje tusken tsjerke en doarp yn Fryslân foarm? Dosint: drs. Tytsje Hibma

### **Jier III: yntroduksje + 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)**

*Yntroduksjemoarn op woansdei 20 septimber 2023*

- Ynlieding op de stúdzjedagen en romte foar ynbring fan de dielnimmers.  
- Yntroduksjekolleezje: It taalgebrûk en taalbewustwêzen yn it religieuze domein – liturgy en pastoraat – stiet yn ferbining mei taaloerdracht thús en op skoalle, yn it sosjale libben fan sport, media en kultuer. Bernebibels en taalbelied foar de bernetsjinsten kinne helpe by it sykjen fan dy balâns tusken (ynformeel) mûnling en (formeel) skriftlik brûken fan de taal. Dosint: dr. Alex Riemersma

*Dei 1. Histoaryske teology (25 oktober 2023)*

Tema: **Bernard Smilde: dichter, driuwer, oersetter.** De idéalën fan in Frysk Beweger yn 'e Griffomearde Tsjerken en de oekumene. Syn betsjutting foar de Nije Fryske Bibeloersetting en it Lieteboek foar de Tsjerken (1978) en hoe't it fierder gie. Dosint: dr. Liuwe Westra

*Dei 2: Bibelske teology (22 novimber 2023)*

Tema: **God is net fier fan elk fan uzes ôf.** Oer de betsjutting fan Paulus syn wurden yn de taspraak foar de Areopagus yn Hannelingen 17: "Dat se God sykje soenen, yn 'e hoop Him taastendewei te finen; Hy is ommers ek net fier fan elk fan uzes ôf. Want yn Him libje wy, bewege wy ús en besteane wy, lykas guon fan jimme dichters sein hawwe: Want wy stamje fan Him

ôf." Nei oanlieding fan haadstik 9 út it boek *Op ús eigen wize. Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer.* Dosint: drs. Hinne Wagenaar

*Dei 3: Systematyske teology (10 jannewaris 2024)*

Tema: **Mienskip fan 'e hilligen, ferjouwing fan sûnden.** Hoe hillich is de Fryske mienskip? Besteane der typysk Fryske sûnden? In teologyske lêzing fan 'e Fryske boereroman. Dosint: dr. Liuwe Westra

*Dei 4: Praktyske teology (7 febrewaris 2024)*

Tema: **Hillige ûnrêst - pylgerje yn Fryslân.** Yn Fryslân wurdt in protte kuiere, ek oer âlde en nije pylgerpaden. Yn 2017 kaam it boek 'Hillige ûnrest' út fan Frits de Lange, oer de pylgertocht nei it hert fan de religy. Op dizze dei ferkenne we de pylgerpaden fan Fryslân en de betsjutting fan it pylgerjen foar ús leauwen en tsjerke-wêzen. Dosint: drs. Tytsje Hibma